


De Twirre



septimber 2023



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 40e jiergong nr. 3: septimber 2023. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 desimber by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		06 33 69 49 32
Ponghâlder	Pier Bergsma pu.bergsma1944@gmail.com		0546 - 57 57 30
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564 06 51 99 09 19
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	vakature		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen

- Jong leard âld dien.
- Al dwaande leart men.
- Men is noait te âld om te learen.
- De tiid sil it leare!
- Men leart salang't men libbet.

Belangrike data

sneon 28 okt. Film “Grutte Pier” yn Concordia, Oude Markt 15, Enschede. Ynrin: 19.30 oere. Oanfang: 19.45 oere. Net-leden ek fan herte wolkom!

jan/feb. '24 Jiergearkomste.

mrt/apr. Kritejûn ?

aug/sept. Kritereiske ?

Bisteboel

Tidens it kritereiske krige ik in boekje te lien fan Immy Postma-Kleefstra. Der steane gedichtsjes yn dy't har heit makke hat oer bisten en dy't geregeld yn de Ljouwerter Krante stiene. Hjirûnder ien der fan. □ Ali

Oer skiep (H.J. Kleefstra, út: “De bisteboel fan Hoatse”)

Troch wylde stoarm waard 't wetter heech

en streamde polskjend oer it Leech.

Dêr weiden op dat stuit gâns skiep,

mar lokkich wie in raam sa liep

dat hy in hikke del ramaaide.

Hy brocht har nei in heech stik greide

en tocht; mar goed dat ik net slûge:

no ha'k myn skiepkjes op it droege.



Kritereiske op 12 septimber

De dei begjint mei frij tichte mist, mar dochts stiet de hiele ploech Twentse Friezen al te wachtsjen as de bus fan Richters Reisen it parkearterrein by Van der Valk opriden komt. Fanwege in grutte file op de snelwei ride we fia de Wite Peal en yn ien stik troch nei Frjentsjer. De mist is yn dy tiid hielendal ferdwûn. It waar is de hiele dei moai.

Yn it restaurant dat by it Planetarium heart stiet de oranjekoeke al foar ús klear en de kofje smakket bêst. **It Planetarium fan Eise**

Eisinga is makke yn de wenkeamer fan syn hûs. Hy wurke eins as wolkammer. Mei in film yn it museum wurdt dúdlik hoe't dat wolkommen gie. Mar it foarnaamste yn dit hûs is fansels de hobby fan Eise Eisinga: it planetarium, dat Eise tusken 1774 en 1781 boud hat oan it plafond fan syn wenkeamer. Hy hat ús sinnestelsel dêr hielendal neiboud yn miniatuer. Oant hjoeddedei wurket it planetarium noch hiel presies troch middel fan kamtsjillen en in grutte klok mei gewichten deroan. It is it âldste noch wurkjende planetarium yn de wrâld. Unbegryplik en ûnfoarstelber! Yn it museum binne ek in soad oare dingen te sjen, stjerrekikers, sinnewizers, oare mjitynstruminten, teksten en filmkes te folgjen. Hiel nijsgirrich allegear!

Foardat we de bus wer ynstappe kinne we noch even in winkel mei Fryske produkten yndúke. Dus in pûde dúmkes giet mei nei Twente.

We ride by it ferneamde Sjúkelân del, dat yn myn eagen mar in lyts fjild liket. Of komt dat trochdat dy tuorren sa grut binne?

Yn **Harns** geane we oan board fan in rûnfeartboat, sa't je se ek wol yn Amsterdam sjogge. We farre troch de havens en grêften fan de stêd en komme troch ferskate slúzen en brêgen dy't mei de hân betsjinne wurde. Skipper Lyckle fertelt fan alles oer de huzen dêr't wy bylâns farre en oer fiten út syn jeugd dy't er yn sommige dêrfan meimakke hat. De Harnzers waarden wol "Tobbedûnsers" neamd en we sjogge in byld fan in man dy't yn in tobbe stiet te dûnsjen. Tsjintwurdich is de bijnamme fan in Hanzer "Ouwe Seun". Waarman Piet Paulusma wenne yn in grut wyt hûs en der is ek in brêge nei him ferneamd. Ek it hûs dêr't skriuwer Simon Vestdijk wenne hat yn syn jeugd komt foarby, lykas it stasjon út syn boek *Terug naar Ina Daman*. We krije ûnderwilens in breamiel, fersoarge troch Lyckle syn frou; lekkere brochjes en sûkerbôle. In prachtige tocht!

By it monumint fan in brimstich sjoggende Tjerk Hiddes geane we wer yn de bus dy't ús no nei **Dronryp** bringt. Foarsitter Siebe fertelt dat de toer fan Dronryp earder wyt ferve wie, mar hy liket no wat mear giel. De toer hat der in lyts tuorke neist; dat betsjut Maria en it berntsje neffens Siebe. Hy fertelt ek noch even dat Dronryp te fergelykjen is mei Jeruzalem en Rome: Jeruzalem is boud op sân bergen, Rome op sân heuvels en Dronryp op sân terpen. Oer in smel dykje, dwers troch it lân, komme we by de pleats fan de famylje Hiemstra. It gebiet hjit hjir De Puollen. We wurde hiel hertlik ûntfongen yn de skuorre wêr't striepakken klear lizze om op te sitten en wêr't we kofje of frisdrank oanbean krije mei sûkerlatte. Siebe fertelt dat de pleats al sûnt 1849 yn

de famylje is. Hûndert jier letter waard Siebe berne, mar Siebe hie gjin boer wurden yn 't sin. De pleats waard oernommen troch syn broer en no buorket in soan dêrfan op de pleats. Dy fertelt no ek it ien en oar oer hoe't se hjir wurkje. It is allinnich in molkfeebedriuw mei op 't heden 100 kij. Dy kij wurde in skoftsje letter mei de trekker út it lân ophelle om molken te wurden. It is hiel moai om dit ris mei te meitsjen en fan tichtby te sjen. **Famylje Hiemstra, hiel hertlik betanke foar de geweldige ûntfangst!**

Nei dizze moaie besite giet it wer op hûs oan. De sjauffeur en Grietke van der Veer, dy't dizze dei organisearre hat, wurde troch Siebe betanke. It wie wer in slagge reis. Graach it oare jier wer! *Wat wiene wy moai fuort net?* □ Ali



Drylst

De man stie te Drylst op 'e brêge en wie op 'e tekst oer wat dêr yn de lêste jierren net byboud wie. It moast raar wêze. Earst bouden se nei Nij-syl op. Dêr kin gjin mins wat fan sizze. Earmslach genôch en foar de Nij-sylsters wie it moai dat se wat tichterby kamen. No jeie se oan 'e oare kant, by de Rôt, dat nei Snits op, peallen yn 'e grûn. Ien stik nije huzen. Goed mis! Hjir graaft Drylst syn eigen grêf mei.

Tink om myn sizzen. Huzen en strjitten de Snitser kant út. Sa moatte se mar oanhâlde. Aanst begjint Snits ek diskant op. Dan duorret it gjin lange jierren mear as Snits en Drysl sitte oaninoar fêst. In bern kin wol begripe dat Snits dan seit: Ik moat it der mar by ha. It soe gjin doel ha dat Drylst oan Snits bongelet as it dochs al oaninoar sit. Drylst yn ien kear fan 'e kaart. Dat wik ik jo.

Men soe wol sizze, ús foarmannen sjogge net fierder as har noas lang is. Ek noch wakker op 't snjit mei dy huzen by de Rôt en mar roppe dat der sa'n fraach nei is. Ien stik Snitsers fansels. De fijân ynhelje. Sa komt it. Hja sille de rekken thús krije. Tink der om, tink der om. Wy hawwe skylk in stêd minder yn Fryslân. Ik kin it net oars sjen. En dan te betinken dat it poer eigen skuld is!

□ Paulus Akkerman út: Wat wie 't wat

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: knyntsjedagen.

No in puzel oer oare tipysk Fryske wurden en siswizen yn 'e foarm fan in kwis. Achter elke siswize stean 3 betsjuttingen (mei in letter derefter) werút jo de goeie kieze moatte. De letters foar de goede antwurden foarmje meinoar in Fryske jongesnamme.

1. Ferlet ha fan =

- noadich ha (*r*)
- te let komme (*s*)
- tinke oan (*t*)

2. Pinfiskje =

- by tsjuster fiskje (*h*)
- stikem ynformaasje sykje (*i*)
- even in dutsje dwaan (*j*)

3. Ut de rie komme =

- in beslút nimme (*n*)
- oan it wurk gean (*m*)
- in brief skriuwe (*o*)

4. Jin de bûsen útskuorre =

- lilck wêze (*p*)
- fjochtsje (*b*)
- in soad wille ha (*k*)

□ Eeke

Anekdoaten út “Heil om seil” fan Hylke Speerstra

“It kin wol sile,” sei Jan Sytema. Mar heit Sytse fûn dat it fierstente hurd waaide. It gyng hurd om hurd tusken heit en soan. Wylst Jan de seilsfal beetpakte om de saak omheech te lûken, gyng de âldman slûchslim op ’e gaffel sitten. Mar Jan wûn de striid. Hy hyste de âlde mei omheech en liet him salang sitte, oant hja foar de brimstige Burgumermar kamen. Doe mocht de âlde Sytse wer ûnder komme. Nei dy tiid hat de betûfte âld-skipper syn soan baas litten.

Jans Rinske fan Earnewâld gyng mei ’t busreiske fan de frouljusferiening nei Brabân. De hiele ploech Earnewâldster froulju liet him yn in reiden stoel op in terraske falle. Dêr wie de ober al. Rinske wie earst oan bar. “Jou my mar in seehûntsje mei in sûkersturtsje.” “Pardon mevrouw....” Rinske: “Heare minsken, dy fint wit net iens wat in bearenburchje mei sûker is.”

By ús op it doarp wenne eartiids in boer dy’t noch luier wie as in baarch. As ik moarns de wyk delfear, siet er op syn deade gemak te seine harjen. En as ik jûns werom kaam siet er der noch. Op in jûn sei ik: “Wat sitst heech Wiebe.” “Ja,” sei Wiebe, “de mollen ha my omheech wrotten.”

Fryske wysheden

- It wiif by de kij, de boer by de brij, dat jout in ferkearde buorkerij.
- As de âlde wiven op ’t iis komme, wol it waar omslaan.
- In frouljusrok lûkt mear as in span hynders.
- In goed wiif is it bêste stik húsrie.
- In man is sa âld as er him fielt, in frou is sa âld as se der útsjocht.
- “Ik bin de baas,” sei de man, “mar ik doch wat myn wiif seit.”
- “Dat sit”, sei ’t âldwiif en se siet mei ’t gat yn ’e brannettels.
- “It falt net ta,” sei de jonge, “ús heit is mei ús mem troud, mar ik moat mei in frjemd.”
- Gjin mâlder guod as froulju; men kin der net mei oerwei, mar men kin der ek net sûnder.

*It libben is allyk
in alvestêdetocht;
soms foar de wyn
faak yn ’e wyn
in protte klune
en oan ’e ein
in krúske.*

Folkert Verbeek

It noardlike Trije Provinsje-punt

Iuwenlang ha Grinzers en Fiezen elkoar nei it libben stien. Oant fier yn de 19e iuw wiene der regelmjittich grinskonflikten: Fryske feanûntginners dy't it weagen in pear meter turf út de Grinslânske boaiem te stekken of Grinslânske boeren dy't har skiep fan de Fryske heide frette lieten. Om de grins foar iens en altyd dúdlik te markearjen waarden yn 1874 fiifentweintich grinspeallen delsetten fan Zoutkamp yn it Noarden oant it Fryske Allardsoog yn it suden. Oan de iene kant fan de peallen stiet it Fryske wapen en oan de oare kant dat fan Grins, wêrfan twa “kwartieren”, mei skeane banen en pompeblêden, ferdacht folle op de Fryske flagge lykje. Hoewol't wol tocht wurdt dat it wapen fan Grins neimakke is fan de Fryske flagge, is dat net it gefal. Wol is der in ferwantskip dat werom giet oant de 15e iuw. Fan de oarspronklike fiifentweintich peallen steane der noch tweintich te plak. Fjouwer dêrfan steane tichtby it streekdoarp Fryske Peallen. Peal nûmer 25 stiet presiis op it trije provinsjepunt mei Drinte, neist in achtertún oan de Jarich van der Wielenwei. Op dy peal stiene de trije provinsjewapens, mar dat fan Drinte is ferdwûn. Dêr tichtby leit it kafé-restaurant *De drie Provinciën*.

□ Annemarie Bergfeld: “200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben”

Skylge en Kampen 700 jier befreone

Op woansdei 30 augustus fierde Skylge de 700-jierrige ferbyntenis mei de stêd Kampen. It eilân en de stêd hawwe in bysûndere bân. Dat hat alles mei de Brandaris te krijen. Kampen en Skylge steane dit jier stil by in oerienkomst dy't 700 jier lyn sletten waard. De fiering fynt plak omt it eilân de bou fan de fjoertoer oan Kampen te tankjen hat. Kampen wie yn de 14e iuw in wichtige hannelsstêd. It stie yn direkte ferbining mei de Sudersee, troch de lizzing oan de mûning fan de Isel. Kampen wie in hiel rike

stêd. Amsterdam wie yn dy tiid noch mar in fiskersplakje. Yn de Midsiuwen wiene der noch gjin GPS of goede kaarten. De seelju moasten op it each farre. Omdat de Waadsee ûndjip is mei eb en floed, moasten se goede be-tonning en in beaken ha om goed te navigearjen. Op 28 septimber 1323 sleat Kampen in ferdrach mei Skylge. Dêryn waard besletten de seestrijtte te befeiligjen mei tonnen. Kampen krige it rjocht fan de hartoch om dy yn it Fly te lizzen (tusken Flylân en Skylge). Mar



noch wichtiger, der moast ek in eigen markearing boud wurde om de seelju it goede paad te wizen. Dat waard doe de Brandaris.

It is fassinearjend dat yn de djippe Midsiuwen al sa'n ôfspraak makke is mei Kampen oer it oanlizzen fan de betonning en de earste fjoertoer. De Kampenaren betellen mei en leveren ek stiennen en balken.

As tank mochte se fergees foar anker lizze. De earste fjoertoer wie ek in tsjerke, mar dat duorre net sa lang. Hy stie te ticht by de see en is om 1570 hinne yn see stoart.

Dêrnei is de hjoeddeiske Brandaris boud dy't yn 1595 klear wie. Hy is de âldste as fjoertoer boude toer fan it lân, 54 meter heech en noch altyd yn gebrûk. □

By Lampljocht (Froukje Annema - Noordenbos)

*Yn 'e jûn as 't bûten tsjusteret
dogge wy de lampen oan
dêr wurdt fierders net by neitocht,
want dat is foar ús gewoan.*

*Mar eartiids by paak' en beppe,
ja sa die men dat alear,
siet men yn 'e jûn te skym'rjen,
en dat kenne wy net mear.*

*As ús pake siet te krantsjen,
koe er 't amper sjen op 't lêst.
En it breidzjen fan ús beppe
flotte ek net al te bêst.*

*Mar dan kaam de boel fan siden.
Lampe op? Nee, fierste ier;
oer elkoar gongen de hannen,
harres wie de tiid, net wier?*

*En 't teepsje op 'e tafel
wie it iennichst sober ljocht;
dat wie húslík, smûk en fredich;
moai, sa'n skoftke fol fan nocht.*

*As der yn ús jachtich libben
ek noch tiid foar skym'rjen wie,
wûnen wy in goede rêst, en....
wy beparren enerzjy.*

28 oktober: De film “Grutte Pier” yn Concordia

Op sneon 28 oktober komt film “Grutte Pier” foar de krite nei Enschede. Grutte Pier is in Nederlânske film fan Steven de Jong út 2022, wêryn foar it grutste part Frysk sprutsen wurdt, mar dy’t foar net-Friezen ek goed te folgjen is. Grutte Pier is it ferhaal fan de Fryske klaai, de boaiem dêr’t safolle minsken it libben lieten foar de frijheid. It is ek it ferhaal fan hjoeddedei. Hoe’t in folk him net altyd de wet foarskriuwe lit.

Grutte Pier

Grutte Pier libbe echt en wie gjin myte. Syn namme wie Pier Gerlofs Donia, hy libbe fan 1480 - 1520. Hy focht tsjin de Saksen dy’t in ein makken oan de Fryske frijheid. Dit koe Grutte Pier net foarkomme. Grutte Pier waard dochs sjoen as frijheidsstrider mar hy koe dy frijheid net feilich stelle en makke ûnderweis benammen in soad slachtoffers. Feitliks besocht Pier in ûntwikkeling, dy’t efterôf sjoen Fryslân just in soad foarútgong brocht, tsjin te hâlden. It wie ek in wreed man. Hy stoar úteinlik earm en yn iensumens.

“Syn” swurd, dat yn it Frysk Museum te sjen is, is in skoft lyn ûndersocht. It blykt echt as swurd brûkt te wêzen en is ek echt út de tiid fan Grutte Pier, mar as it echt troch Pier sels brûkt is, is net wis. It sechje: *“Bûter, Brea en Griene tsiis, wa’t dat net sizze kin is gjin oprjochte Fries”* wurdt oan Grutte Pier taskreaun.

Yn Kimswerd stiet in byld fan Grutte Pier, makke troch Anne Woudwijk. Yn de Twirre fan desimber ’22 stie in stikje oer Kimswerd en Grutte Pier.



Film “Grutte Pier” Plak: Concordia, Oude Markt, Enschede.

Leden fergees; net-leden 10 euro; studinten 5 euro.

Ynrin: 19.30 oere. Oanfang: 19.45 oere. Ha jo gjin ferfier of sjogge jo der tsjinoan om yn ’t tsjuster te riden, belje dan even mei

Gieteke van der Veer: 074 - 291 8564 of 06 51 99 09 19.

Nijs út Fryslân

Skriuwster Aggie van der Meer stoarn. Op 12 augustus is skriuwster Aggie van der Meer stoarn yn de âldens fan hast 96 jier. Aggie van der Meer wie oars as oars, se folge har eigen styl en wie in frou mei in protte humor. Har hiele libben seach se ferwûndere nei de wrâld. Se stelde altyd fragen en hie in krityske blik. Har libbensmotto wie: *Noait iens, mar noait spul!* Van der Meer wie lid fan de Fredesbeweging en se wie in kritysk lid fan de katolike tsjerke. Foar har folsleine wurk krige Aggie yn 2019 de Gysbert Japicxpriis. Foar “De Oerfeart” hat se ek de Piter Jellespriis wûn. Har wearde foar de Fryske literatuer hat enoarm west.

Proeffeart “Witte Swaen”. De Witte Swaen hat begjin septimber in proeffeart makke fanút Harns. Sa witte we no hoe’t de wrâldferneamde Nederlânske skippen fan iuwen lyn it dogge op see. Sa’n 400 jier lyn boude Nederlân yn rekordtempo nije skippen. Dêr wie Nederlân ferneamd om. De Witte Swaen is in replika fan it skip dat Willem Barentsz nei Nova Zembla brocht. Foar de bou fan de replika ha se besocht de âlde boutheknik opnij út te finen en ta te passen. De earste resultaten fan de proeffeart binne geunstich, al waaide it dy dei noch net al te hurd.

Kening Redbad. It ikoanyske portret fan kening Redbad is poater. It 17e iuwske portret is ien fan de skilderijen dy’t op freed 1 septimber stellen binne út it stedhûs fan Medemblik. Om it jier 700 hinne regearre Redbad oer Frisia dat út ferskate parten dan it hjoeddeiske Nederlânske kustgebiet bestie. Hy ferstoar neffens de ferhalen yn 719. Der wurdt algemien oannommen dat hy yn Medemblik wenne. Yn Medemblik stiet ek it kastiel Radboud. Syn portret is de âldst bekende byltenis fan de ferneamde kening. It is wierskynlik om 1663 hinne skildere.

Skûtsjesilen en PC, beide lêst fan min waar. De earste dagen fan it Skûtsjesilen wie it min waar mei in hurde en flagerige wyn. Tidens de wedstryd by Grou is de Gerben van Manen fan it Hearrenfean omslein nei in hurde wynpûster. De wedstriden by De Feanhoop en Earnewâld waarden ôflast, fanwege te hurde wyn. Doarp Grou waard kampioen! De PC is wûn troch Tjisse Steenstra, Renze Hiemstra en Hans Wassenaar. Steenstra waard ta kening útroppen. Yn de finale wûnen se fan it partoer fan Haje Jan Nicolay. Troch it minne waar begûn de PC letter as oars. Wedstriden yn de earste omloop waarden ek op fuotbalfjilden spile. □

Frysk Boun om Utens 100 jier! Feest yn Swolle!

Op 15 septimber 1923 waard “It Boun fen Fryske selskippen bûten Fryslân” oprjochte. By it 25-jier-rich jubileum yn 1948 is de namme feroare yn “It Frysk Boun om Utens” (FBoU). Yn dy jierren hiene de kriten in protte leden. Op heechtiden wiene der wol 7000 leden en dan kamen sa’n 2500 leden op in Friezedei. Mar it tal leden rint hurd achterút. De ôfrûne jierren is der faak sein: “As wy de 100 jier helje, meie wy de hannen wol tichtknipe.” Hjoed kin dat, want der binne noch 12 kriten mei sa’n 1200 leden. Hjoed is it feest en sa’n 15 leden fan ús krite binne dêrby oanwêzich. De Fryske Kommissaris fan de Kening, Arno Brok, is der moarns ek. Hy ferliet it predikaat “Keninklik” oan it Boun. Dat hyt no dus it “Keninklik Frysk Boun om Utens”.

Hidde en Tia Walstra ha in oantal âld Twirre-sjongers en oare kriteleden oantrune om te kommen en dan mei te sjongen yn it grutte koar. Der binne in stik as acht sjongers, dy’t ek twa kear nei Almelo west ha om te oefenjen. It Bounskoar bestiet út de kritekoaren fan Lelystêd en Swolle en noch in stik as wat sjongers út Boadegraven en dus ús ploechje út Twente.

Oan it begjin fan it middeisprogramma sjonge we njoggen

ferskes, ûnder lieding fan de diriginte fan Swolle. De *Wâldsang* en *It Heitelân* kinne troch it publyk meisongen wurde. Nei it optreden fan it koar sjongt Gurbe Douwstra, hiel wat oars, mar ek moai! Hy ropt de Friezen op om “jin gean te litten”; leuk ferske! Nei it teeskoft komt kabaretselskip *Hymphamp* mei in spesjaal jubileumprogramma, prachtich! In fleurich ein fan dizze feestlike Fryske middei! Dêrnei is der noch tiid foar moeting en petear en in waarm en kâld buffet. By de útgong krijt elk it jubileumboek, skreaun troch de eardere foarsitter fan it Boun, Hâns Dijk. Der steane in soad foto’s en ferhalen yn út de skiednis fan it 100-jierrige, no keninklike, Boun. □ Ali

Hjerst (Sipke Veenstra)

<i>de beammen</i>	<i>parade</i>
<i>steane rynsk</i>	<i>jeiende</i>
<i>te pronkjen</i>	<i>wolkens</i>
<i>mei al har</i>	<i>wetter</i>
<i>medaljes</i>	<i>en wyn</i>
<i>yn ferskaat</i>	<i>kerbûstich</i>
<i>fan goud oant</i>	<i>heukerich</i>
<i>sulver en brûns</i>	<i>ûnljich</i>
<i>klear foar de</i>	<i>hjerst!</i>
<i>lêste</i>	

In Fryske taalkwis (quiz)

Lêsten krige ik fan in kritelid dy't ferhúzje soe en dus wat spul opromme, it boekje *Bokwerd for ever*.


Dêr stean ferhaaltsjes yn oer Bokwerd, in net echt besteand doarp yn Fryslân. Se stiene yn de jierren 70 of 80 fan de foarige iuw yn de Ljouwerter krante. Rink van der Velde skreau dy yn it Nederlânsk, mar sadanich, dat it letterlik fertaald Frysk liket. Men sjocht en heart dus de Fryske manier fan praten en útdrukkingen dwars troch de Nederlânske wurden hinne.

Krekt ek troch dizze Frisismen is it in genot om sa'n boekje te lêzen.

Dat boekje is no sa'n 45 jier âld: soene de Friezen fan no dy siswizen ek noch herkenne? Of miskyn selfs noch brûke?

It ynspirearre my om der in kwis (quiz) fan te meitsjen. By 88 Fryske útdrukkingen ha'k trije betsjuttingen set; dêr moatte jo de goede út kieze. Foarbylden derfan fine jo by *Even puzelje* yn dizze Twirre. Miskyn ha jo der aardichheid oan om jo kennis fan it Frysk ris te testen, of de fragen ris oan freonen en famylje foar te lizzen. Of om gewoan even it *o-ja* gefoel te krijen. Dan kinne jo my in e-mail stjoere ("ik wol graach de taalkwis krije") nei kpdeboer@planet.nl Jo krije dy kwis dan fergees as bylage yn in mail werom. De antwurden sitte der ûnderoan ek by, mar stin der sels earst mar even op om. Ik hoopje in soad mailsjes te krijen! Dan smakket it my der grif nei om mear te meitsjen. □ Eeke

Albert Einstein en Charly Chaplin (1932)



Einstein tsjin Chaplin:

"Ik bewûnderje dy, do bist in grut keunstner. Do seist gjin wurd en de hiele wrâld begrypt dy."

Chaplin tsjin Einstein:

"Mar do hast in noch gruttere pretaasje levere. De hiele wrâld bewûnderet dy, sûnder ek mar ien wurd fan dy te begripen."

(advertinsje)



**FRI
ESM
USE
UM**

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Sint Thomaslieden yn Ketlik en Aldhoarne



Klokhuzen waarden fanôf 1700 boud; dat wie goedkeaper dan in toer op de tsjerke te setten. Dêrom steane der in protte yn de súd-easthoeke fan Fryslân. Yn in klokhûs of klokkestoel hinget in grutte en in lytse klok. De iennichsten dy't noch let wurde steane yn Ketlik en Aldhoarne. Dit bart fan 21 oant en mei 31 desimber. De hiele dei kinne de klokken let wurde oant jûns acht oere ta. Yn 'e âldjiersnacht wurdt ek it nije jier ynlet. It is foar ien mar ek foar twa minsken in hiele toer om beide klokken goed mei-inoar opspylje en yn 'e maat liede te litten. It moaie fan it hiele barren is, dat elkien de klokken liede mei. Boppedat binne der yn Aldhoarne, oan de Skoatterlânske wei, op 31 desimber om twa oere kampioenskippen "Kloklieden". Op 30 desimber binne yn Ketlik, Tsjerkeleane, yn en om de tsjerke en de klokkestoel hinne ferskate folkloaristyske eveneminten. It is net hielendal dúdlik wêr't it "Sint Thomaslieden" wei komt. Eartiids waarden de klokken net allinnich brûkt by stjergefallen, begraffenis, it tiidlieden of it oproppen om nei tsjerke te gean, mar ek om de pest te ferdruwen en wreed waar te kearen. It kin ek in heidens gebrûk west ha om kweade geasten te ferbaljen. Mar it hat wis mei de nammedei fan de Hillege Thomas te krijen op 21 desimber; in jierdei fergelykber mei dy fan Sinterklaas en Sint Marten. De omwenners kamen doe fanút it fean nei Drachten ta om de jierdei fan Sint Thomas te fieren. □

Resept

Hite bliksem

1,5 kilo ierappels; 1 kilo soere appels; rikke of farske woarst; 40 gram bûter; sâlt; piper; (sûker).

De ierappels skile, midstwa snije. Mei sâlt bestruie en mei siedend wetter op 't fjoer sette. Wylst de appels tameitsje, skile, de klokhuzen derút helje en yn fjirdeparten snije. De appels kinne no boppe op de ierappels dien wurde mei in klute bûter. No noch in rikke of farske woarst derby en it sieden kin mar oangean. Nei in healoere oant trije kertier as it iten gear is, de woarst derút helje en de ierappels mei de appels trochinoar hinne arbeidzje. Eefkes op sâltens priuwe, miskien moat der noch wat sâlt, mar yn alle gefallen noch wat piper en byneed wat sûker trochhinne dien wurde. It heart swiet-soer te smeitsjen. Yn earder tiden ek wol gekjeiend "*Gleone Janke*" neamd.

□ út: "De Nije Petiele" fan Wieke de Haan

Tiden hawwe tiden

It bûterfabryk fan Wartena. In protte molke waard troch de molkfarder mei de boat nei 't fabryk brocht. Bealgjen mei al dy bussen. Sa'n hûndert jier lyn stienen der wol mear as 150 molkfabriken yn Fryslân.



Boekenijs

De **Fryske Boekewike** is fan 4 - 12 novimber en set útein mei it Boekefeest op freed 3 novimber en de presentaasje fan it kadoboek *Hiltje yn Pella*, fan Anita Terpstra. It giet oer in Friezinne (1805 - 1898) dy't op syk is nei in better libben yn Amearika.

Bûsboekje 2024, de iennige Fryske aginda. Je kinne der net sûnder! Mei dit jier as tema: Stjerrende wier heite! *Priis: 8,75.*

Blyn Rjocht, Pyt Damsma. Ids Sytswerda is rjochter yn oplieding en wit him tegearre mei syn blinêhûn Kjeld prima te rêden op syn wurk en thús. Syn frou Minke is dokter en wurket yn it sikehûs. Tegearre ha se in moai libben, mar se ha ien grutte winsk en dy kin net yn ferfolging gean, in bern fan harren sels. Se melde har oan foar in adopsje. Dat is in lange wei, mei om't Ids blyn is. En troch de omjouwing wurdt it ek net altyd begrepen. In projektroman yn in noflikke styl. Mei faasje en humor skreaun. *Priis: 21,50.*

Renger, Nyk de Vries. De roman Renger giet oer it libben fan Nyk de Vries sels. Syn heit wie in sunige boufakker út de Fryske Wâlden, syn mem húsrou. Op jonge leeftyd wie Nyk sjonger by de punkrockformaasje The Amp. Ferlegen wie er boppedat, mar útbun-

dich net minder. Yn Grins studearre er skiednis, by IKEA kenne se him as magasynmeiwurker en sûnt 2000 is Nyk de Vries skriuwer.

Priis: 10,00.

Skearing en Ynslach, Bouke van der Hem. Yn dit boek wurdt stikje by bytsje it opgroeien fan boersoan Reindert Beetstra yn Fryslân beskreaun en syn wederwaardichheden yn militêre tsjinst, it studintelibben yn Grins en syn fertutearze relaasje mei syn jeugdfreon Sipke. *Priis: 18,50.*

Wês wiis mei nuvere houtsjes, Meinder Bylsma. In bondeling mei aparte ferhalen mei nuveraardige útkomsten. Bylsma neamt se kremerkes, kre(k)tmerkes. Dêrmei eigenet er him ta wat merkes eigen is, frijheid. Alles kin en alles is wier, oeral en altyd. Ien fan de ferhalen giet bgl. oer in protter dy't net doart te fleanen, in protter mei in fleanfoby. *Priis: 19,50.*

Dwarsliggers in Appelscha, Marianne Kootstra. Yn dit boek wurdt yn 40 ferhalen 100 jier skiednis fan fiif generaasjes Friezen yn Appelskea ferteld. Oer it wurkjen yn it fean, stakingen, ûndermining fan it gesach, tsjinstwegerjen en hoe 't famyljebannen sterker wiene as ferskillen yn politike opfettingen. It boek sil yn novimber útkomme.

Priis: 29,95.

□ Ali Bonhof

Witte jo dat

- der, nei in ferdûbeling fan it tal ôffearnten tusken Holwert en it Amelân yn de lêste 8 jier, der no minder hin en wer fard wurde kin? De baggeraars kinne it tichtslibjen fan de faargeul net mear byhâlde.
- der plannen binne om de sikenhûzen yn Snits en It Hearrefean te sluten en in nijen ien te bouwen yn De Jouwer?
- der net allinnich yn Fryslân keatst wurdt? Der binne yn Nederlân op acht oare plakken keatsferieningen “om ústens”. De federaasje derfan bestiet dit jier 100 jier.
- dat it byld fan Tetman de Vries, dat fan 1994 oant 2006 yn de Harmonie yn Ljouwert stie, no einliks in nij plak krigen hat yn de basisskoalle “De frije fûgel” yn Bitgummole, syn berteplak?
- dat it Planetarium fan Eise Eisinga in wike nei ús reiske offisjeel op de Wrâld Erfgoed list fan de UNESCO kommen is?
- it besikerssintrum fan Park “De âlde Feanen” by Earnewâld fan plak feroare is? It is no achter it Skûtsjemuseum fan Age Veldboom. Dat is wol wat oan de lytse kant. Der wurdt noch socht nei in oare oplossing.
- wy wer in foto efter op dizze Twirre ha fan in plak yn Fryslân, witte jo wêr’t de foto makke is? De foarige kear wie it in âlde foto fan it doarp Parregea, dat leit yn ’e Greidhoeke.

Mopke fan ChatGPT

De chatrobot ChatGPT hat in Grinzer mop oer Friezen makke:

Der was ais ’n Fries dij noar Grunnen ging veur wat koopjes. Hai kwam bie ’n Grunneger winkel en zag ’n bordje stoen: Alles hier ain euro! De Fries kon zien gelok nait op en begon rond te snuffeln in de winkel. Hai pakte ’n handvol spullen op en ging noar de kassa. Bie de kassa vruig de Fries aan de Grunneger verkoper: “*Klopt dat, dat alles hier ain euro is?*”

De verkoper knikte en zee: “*Joa, klopt hailmoal.*”

De Fries keek noar zien haandvol spullen en vruig verboasd: “*En dit alles, veur ain euro?*”

De verkoper knikte weer en zee: “*Joa, aal dij spullen bie nkander, ain euro.*”

De Fries kreeg ’n grote glimlach en zee: “*Geweldeg! Den nem ik dij kassa ook mor mit!*”



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@/stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynst de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

